

# DE HAVENSBANK



Juny/July 2013

It is wer merke! 50+?

Doe het veilig!

Linkse kroade

Bloed fan Riemer

Jeugd boerenstraatgolf

Stjoer jo merkefoto!

**Moanneblêd  
foar  
Wergea  
Warstiens  
Eagum**

## Sywart

Op de Suderseewei nei Ljouwert krij ik it waaralarm fan it KNMI mei. Unwaar en reinwetteroerlêst. Moai is dat, ik sil jûn nei it Iepenloftspul.

Thús de ljochten mar oan. Der is in soad praat op de app oft it Iepenloftspul jûn, 20 juny, wol trochgean sil. Op de site fan it Iepenloftspul lês ik dat it wol trochgiet. Prachtich dat der aktuele ynformaasje op stiet.

De reinklean moatte we net ferjitte sis ik tsjin Johan. Oankaam by it Mediapark lizze dy fansels noch thús. Ik haw der sin oan: op Facebook en Twitter meitsje se my al wiken nijsgjirrich.

Rudi hjit ús wolkom op it Mediapark, ik moat laitsje om de fans dy't by de caravan sitte (der wurdt my frege oft ik in pankoek wol). Dêr stean je dan neist sa'n Donald Duck út Disneyland, mar dan is it Sywart. -Klik -wy ek op de foto mei Sywart. Yn 'e loads wurdt ús oandacht al lutsen, minsken laitsje noch wat foarsichtich om't se har ôffreegje oft dit derby heart. In minút letter is it woldúdlik dat it derby heart.

De earste bus mei fuort. Sponsors kinne it neffens my net better foarelkoar hawwe as yn Wergea. De tourguides krigen alle kopkes nei links en rjochts. Se sille wol goed oefene hawwe want troch it stean op de tsjilas stienen se mei de holle tsjin it dak oan en it rût siet wat leger...

Ik fielde my as ien dy't troch it mediapark fan WarnerBros Movieworld rûnlaat waard. Op ynstruksjes fan de befeiliging haw ik mar gjin eachkontakt socht mei de akteurs.

It stik is basearre op de film de Truman story, Sywart wurdt al fan syn geboarte ôf filme en eltsenien dêr't er mei omgiet is in akteur. Alles is "nep". Syn fleur en nijsgjirrigens nekke de soap. Hy wol derop út en krijt troch dat der eat net kloppet. Unwaar, brân en fjoer hâlde him net langer tsjin. De pastoar die my oan Don Camilio tinken (in boek oer in âlde doarpspastoar út Itaalje mei itselde postuer en foarkommen). De ferhoalen reklame fan syn frou is hingjen bleaun: Slicer Dicer.

It doarp wie dus it dekkor, der barde oeral wat. De oe's en aa's oer de lokaasje wiene net oerdreaun. It pittoreske Warstiens wie hjir mear as geskikt foar.

Ik hearde yn 'e bus werom ferskillende lûden. Neffens my ha je it dan goed dien want je kinne noait wat meitsje wat eltsenien geweldich fynt. Sang en dûns hawwe wolris mear oanwêzich west waard der sein. Ik fyn dat wat der oan sang en dûns wie, dat dit der goed bypaste. It wie moai om te hearren en te sjen.

Ek wie it in goed ding dat Grietje fan it podium ôfhelle waard. Dikke plom foar dizze byrol! Sywart fûn himsels in hampelman. Sywart en eltsenien dy't hjir oan meiwurke hat, binne abslút gjin hampelmannen!

Ik haw in prachtige jûn hân en dat myn tas mei reinklean thús blean is wie gjin ramp. It wie prachtich moai waar.

Jacoba de Wolff – fan fan Sywart

# Elzinga Garyp

## DIER & TUIN

*Gewoon gezellig winkelen!*

**Uw specialist in Dier en Tuin artikelen**

**Wij bezorgen ook!**

Greate Buorren 32 - 9263 PM Garyp - Telefoon 0511 521419  
[www.elzingagaryp.nl](http://www.elzingagaryp.nl)

# Loek's Schildersbedrijf

WERGEA  
06 28 575 193

**Streetdance**  
**Bodyjump**  
**Fitness**  
**Zumba**  
**Bodyburning**  
**Dames Fitness**  
**F&F Club**  
**Spinning**  
**Powerpump**  
**Personal Trainer**



Openingstijden voor fitness:  
ma t/m vrij : 14.00 t/m 21.30 uur  
zaterdag : 10.00 t/m 14.00 uur  
wo en do : 09.00 t/m 12.00 uur

Tel.: 058-2551540

# F&F BODYGYM

Fricoweg 33<sup>b</sup> Wergea [bodygym@hetnet.nl](mailto:bodygym@hetnet.nl) [www.fenfbodygym.nl](http://www.fenfbodygym.nl)



## MICROTRUSS

ALUMINIUMKONSTRUKTIE

Ook voor uw  
constructiewerk!



[www.microtruss.nl](http://www.microtruss.nl)

Microtruss Aluminiumconstructie b.v. Celsiusweg 32 8912 AN Leeuwarden  
T 058-2137961 F 058-2137826 [info@microtruss.nl](mailto:info@microtruss.nl) [www.geniusboothuis.nl](http://www.geniusboothuis.nl)

truss systemen standbouw reclame-uitingen interieurbouw theatertechniek  
echniek studio techniek podiumbouw overkappingen tentenbouw spantruss

## Iepen dei "Zakelijk Wergea" 25 mei 2013

It begûn moarns wol in bytsje tryst. Troch it beset wêzen fan guon strjitten, koe De Kriich mar in lyts rûntsje troch de buorren meitsje en fuort dêrnei, om goed tsien oere hieten foarsitter Simen Pyt Hotsma fan "Zakelijk Wergea" en Teake Kloosterman, foarsitter fan Pleatslik Belang Wergea, mar in hantsjefol minsken wolkom op it Reade Plein. Mar it waar siet ek perfoarst net mei, in kâlde hurde noardweste wyn spile ús de hiele dei parten en dat wolle jo einliks net hawwe op 25 maaie!! Fierder wiene der dizze deis ek noch festiviteiten yn Goutum en Ljouwert, miskien dêrom dat der minder minsken (moarns) op 'e proppen kamen.

Mar de dei wie der net minder om. In grut ferskaat oan bedriuwen en ferienings diene harren doarren iepen om sjen te litten wêr 't hja mei dwaande binne. En dat liicht der net om. Fan alle kanten lieten Wergea en omkriten sjen, dat wy noch hieltyd beskikke oer in grutte kern fan bedriuwen en ferienings en dat sa tichteby de stêd Ljouwert, én wêr 't wy grutsk op wêze meie. Alle saken hiene harren doarren iepen dien en sa seagen jo fan tichteby de geweldige trekkers, de nijmoadrige tafels en stuollen, de kreaze ynbou fan in kruser, tekeningen fan nij te bouwen as te ferbouwen wenten en gean sa mar fierder. Mar men koe ek motorride, in rûnrit meitsje mei hynder en wein, as yn in molkpream oersetten wurde fan it eartiidse Fricoterrein nei de Nieuwe Hoek. Dêr waarden einkeoren fljochte en om it libben ielikke.

Koartsein in geweldich barren en fansels foar werhelling fetber. Wûnder boppe wûnder bleau it hast de hiele dei droech, mar geandewei de middeis waard it hieltyd kâlder, mar lykwols hieltyd drokker. Om goed fjouwer oere gongen de doarren fan 'e Bidler iepen. En doe begûn it stadichoan hieltyd mear te reinen. En mei sa 'n kjeld is in fertoeft yn De Bidler woldiedich, dêr koene jo je efkes lekker opwaarmje, Mar wat noch moaier wie, hjir stie ús in feiling ta eare fan Tour4life te wachtsjen. Wat der feild waard is minder wichtich, mar wol de wize wêrop. Feilingmaster Hylke Tholen presentearre it ien en it oare, krekt as wie it syn deistich wurk. Dizze jongkeardel sille wy yn dizze kwaliteit grif nochris sjen kinne.

Al mei al in prachtge dei en "Zakelijk" Wergea hat him fan it boppeste buordsje sjen litten. Ien lyts minpuntsje is de kommunikaasje, as de PR. Dit hie yn myn eagen better kind, net allinne in plattegrûn fan it hiele barren yn it blêd MiddelPunt, mar ek yn ús eigen Havensbank hie moatten. En yn de lêste dagen noch in struifolder by de doarren del oer it ien en it oar hie in goede saak west.

Jelle Dijkstra



## OPROP

### LEUKSTE – GEKSTE – MOASTE MERKEFOTO 2013

Stjoer dyn merkefoto op nei ús en wa wit komt dyn foto yn 'e folgjende Havensbank.

De foto's dy 't we útsykje litte we ôfdrukke, bringe we lâns en de foto komt dus yn 'e Havensbank.

Oant yn 'e tinte!

De redaksje



*Jurjen Mulder*  
*Jacht en scheepsbetimmering*

Nieuwbouw, Refit, Reparatie en  
Interieurbouw

- Teakdekken
- Keukens
- Kasten
- Balies
- Ligplaats verhuur
- Winterstalling binnen en buiten
- Schildersloods (doe het zelf)

De Weinmakker 13  
9005 RN Wergea

De Singel 34  
9001 XP Grou

JurjenMulder@hetnet.nl

06-20885835

[www.Jachtbetimmering.com](http://www.Jachtbetimmering.com)

# A3

A.J.Boermans  
De Mounder 8  
9005 RL Wergea

Tel 058-2553132  
Fax 058-2553132  
Mob. 06-53362587

**FOAR IT UTWURKJEN  
FAN JO  
BOUPLANNEN**

Verbouw - Aanbouw  
Nieuwbouw

o.a. Ontwerptekening - Bouwaanvraag  
Epc-berekening - Werktekening  
Constructieberekening

[www.a3bouwadvies.nl](http://www.a3bouwadvies.nl)

# BOUWADVIES

# FENDT

Voor grote ...



... en kleine klanten ...



... steeds de beste investering!

**MEINDERTS**  
**WERGEA**

LANDBOUWMECHANISATIE EN CONSTRUCTIE

Wartensterdyk 2  
9005 XS WERGEA

Tel 058 - 255 15 65

Fax 058 - 255 20 20

Mail [info@meinderts.nl](mailto:info@meinderts.nl)

Web [www.meinderts.nl](http://www.meinderts.nl)

Dochs noch hommels ferstoarn ús Neef

## Jochem Douwenga

\* Wergea 06-08-1937

† Ljouwert 24-06-2013

Pietje Sträter – Brandsma  
Sjoerd Wartena

Skriuwadres:  
Haskerfinne 14  
8465 RJ Aldehaske

Syn âld-wurkjouwer Van Slooten, it eartiidske pipermuntsjefabryk, hie ek noch in adfertinsje yn de Ljouwerter Krante pleatst. En dat wie terjochte. Want yn de tachtiger/njoggentiger jierren liende Jochem syn namme oan in spesjale produksje fan harren autodrop: Oldtimers. Om't dêr gâns reklame omhinne makke waard, stie Jochem ynienen ek yn de publisiteit. En dêr gong hy mar wat linich mei om.

Jochem Douwenga is 75 jier wurden, hat 75 jier Wergeaster west en is yn lytse rûnte te hôf brocht. Mar wie dy rûnte net al te lyts?

Wiebe Sinnema

## Jochem Douwenga wie in echte Wergeaster

Oars as pommeranten, foaroanmannen en lju fan kwizekwânsje, waans ferstjerren yn de parse wiidweidich omtinken kriget, binne der ek minsken dy't harren hiele libben yn itselde doarp tahâlden ha, dy't eltsenien kin en dy dan samar, fan de iene dei op de oare, der net mear binne.

De beierdiging lûkt net folle folk, de klok liedt noch al: 'Wa soe der op 't hôfkomme? Fêst gjin Wergeaster, oars hiene wyder wol fan heard'. Mar it wie wol immen út eigen doarp. De oare deis koene wy yn 'e krante gewaar wurde dat Jochem Douwenga, 75 jier, ferstoarn wie en dat, op eigen fersyk, de begraffenis yn lytse rûnte plakfûn hie. In (te) sober ôfskie fan in man dy't, op de lêste jierren nei, it strjitbyld fan Wergea foar in grut part stâl jûn hat.

Op 'e fyts nei brêge of Havensbank foar in praatsje, ûnderweis nei ien fan syn hillige húskes om in bak kofje of nei it fuotbalfjild foar in wedstriid fan Wergea 1? Jochem wie erflik op 'n paad.

Wa't de Havensbanken út de sechtiger en santiger jierren der op nei slacht, komt der al gau efter dat Jochem guon 'indoorsporten' ek mear as trest wie. Skutjassen yn it Doarpshûs, by Hedzer of yn it Parochiehûs? Syn namme as priiswinner waard geregeldwei neamd yn de útslagen fan ús doarpskrante.

Mar Wergeaster Merke wie foar him wol it hichtepuntpun fan it jier. De spulbazen koene noch safolle rûge apen, horloges, earmbannen, bearen of klokken ynsein hawwe, at se Jochem oankommen seagen wiene se der wis fan dat se yn de koartstmooglike tiid troch harren negoasje hinne rekken. Want Jochem wie tûk, sawol yn de sjittinte as mei de griper, om fan it draaiend rêd en de bommenwerpers mar net iens te praten..



1,2,3,4,5,6.....306



### Ook wij waren zaterdag 25 mei op de open dag van Zakelijk Wergea!

Ons gemist? Kom eens langs op de repetitieavond op donderdag in het Dorpshuis of neem een kijkje op onze website [www.dekriich.nl](http://www.dekriich.nl)

De uitslag van het noten-raad-spel was: **306**

De winnaars zijn:

**Floris Sinnema, de Skuorre 9, Wergea**  
**Geke de Boer, Wijbengastrjitte 1, Wergea**

De CD bon wordt binnenkort bij je bezorgd, van harte gefeliciteerd!



Uitvaartvereniging de laatste eer Wergea-Warstiens



opgericht 24-01-1924

aangesloten bij de Friese federatie van uitvaartverenigingen

"De laatste eer" verzorgt voor leden de uitvaart zoals ze dat zelf wensen.

*Dit zonder winst oogmerk.*

Daarvoor heeft de vereniging een aantal vertrouwde personen in dienst die onze leden kunnen bijstaan om een persoonlijke uitvaart te regelen.

Als lid kunt u tegen een vrij lage contributie een beroep doen op:

De bode van onze vereniging en

aflegsters en dragers uit eigen dorp.

Vanaf 18 jaar dient men zelfstandig lid te zijn.

Een lidmaatschap bij de vereniging is geen uitvaartverzekering.

Voor inlichtingen betreffende deze aangelegenheden kunt

u vrijblijvend contact opnemen met:

De secretaresse van de vereniging

Mevr. I. Hoogwater, De Skuorre 11, 9005RR Wergea, tel: 058-2552437

De bode van onze vereniging is

Dhr. T. Bijlsma, Easterein 3, 9263 PA Garyp, tel: 0511-521336



**Roersma Handelsonderneming**



*Inkoop van metalen, door de week in te leveren, op zaterdag evt. door ons op te halen.*

*Verhuur van onder andere aanhangwagens, steigers en gereedschap.*

*Verkoop van werkhandschoenen, werkschoenen. En... verf bestellen? Dan Yvonne bellen! Voor 9 uur besteld, dan nog dezelfde dag in huis!*

*Raadpleeg onze website voor het volledige assortiment en onze openingstijden.*

**Fam. P. Roersma**

**Fricoweg 1a**

**058 - 255 3300 / 06 - 523 188 82**

**yvonne@roersmaverhuur.nl**



**[www.roersmaverhuur.nl](http://www.roersmaverhuur.nl)**

**VOOR AL UW  
TIMMER- EN  
ONDERHOUDSWERK**



**Glasservice**

Raam kapot? Geen nood.  
Vakkundig en snel kunnen  
wij uw nieuwe raam plaatsen.  
Ook thermopane.

**TIMMER- EN ONDERHOUDSBEDRIJF ABE KOOISTRA**

**BUORREN 8, 9004 XW WARSTIENS**

**M 0624699639, E A.KOOISTRA@KPNPLANET.NL, I WWW.TIMMERBEDRIJFA-KOOISTRA.NL**

## Wartenster Wetter Wille 2013: 14 en 15 september

In Warten organiseren wij dit jaar voor de 4<sup>de</sup> keer Wartenster Wetter Wille.

Het thema dit jaar is:  
"op besite yn Warten"



Daarom willen wij u als inwoners van ons buurdorp Wergea van harte uitnodigen.

Net als in voorgaande edities zal het dorp bruisen van de activiteiten. Uiteraard zijn er een aantal vaste onderdelen: historische (zeil) schepen in de vloot, met o.a. de zelfrichtende reddingsboot "Suzanna" en het houten schip "Carla Lammers" van de Batavia-werf, een gezellige braderie, ons shantykoor de Feanstampers, theater op het water, straattheater, schouwtoewtrekken, een oecumenische dienst op zondagmorgen met na afloop het Wergeaster popkoor, dweilorkest de Menaemer Feintsjes, een tentoonstelling van Wartenster schilders in de consistorie, schippersbal met Jokers Wild, activiteiten in en rond het museum, gezellige terrasjes etc. etc.

Ook de candlelight vloot staat weer op het programma. De verlichting en de muziek zullen deze keer niet vanaf de wal, maar vanaf het schip verzorgd worden, zodat de schepen vlotter door kunnen varen. Wel verwachten we enkele zeer speciale schepen en/of acts in deze vloot.

Maar er is meer: dit jaar is er in de vroege avond op zaterdag een **drakenbootrace**. Teams van 8 roeiers en een trommelaar zullen in drakenboten midden in het dorp strijden om de hoogste eer. Wij zouden het erg leuk vinden als Wergea met één of meer teams aan deze race zou mee willen doen. Al ingeschreven staan teams van sponsoren en van diverse verenigen uit Warten. Er zijn nog een paar plaatsen over! Voor meer informatie en opgave: Catharinus van Balen: [catharinus62@gmail.com](mailto:catharinus62@gmail.com). Maar doet het snel: vol is vol!



Voor de kinderen zijn er o.a.: een klimwand, een draaimolen, op zondagmiddag een workshop Griezelshampoo maken en aquabubbles. Verder zullen de kinderen weer mee mogen varen (onder begeleiding) op een schip in de Candlelight vloot.

Rond de NH-kerk en op het Nijpaed is er gedurende het weekend braderie met o.a. oude ambachten als rietvlechten, palingroken, netten boeten, een stand van de Batavia-werf, een stand van de KNRM en nog veel meer gezellige kraampjes met hobby-materialen, verkoopartikelen en etenswaren. Er kunnen altijd nog stands bij.

Wanneer U een kraampje zou willen?; opgeven kan bij Oege Castelein [o.castelein@upcmail.nl](mailto:o.castelein@upcmail.nl), Fokje Bouwmeester [m.bouwmeester3@upcmail.nl](mailto:m.bouwmeester3@upcmail.nl). Voor deelnemers die hun waren verkopen vragen wij een vergoeding van 1dag € 15,00 /2 dagen € 25,00.

Op het Stoombootshaed komt een feesttent te staan, waar zaterdagavond (Jokers Wild) en zondagmiddag (Gurbe Douwstra) gezellige live-muziek wordt gespeeld. In de reguliere horeca zal ook het een en ander worden georganiseerd.

Dan is er nog het theater: op maar liefst drie verschillende locaties zullen sketches te zien zijn. Historisch, herkenbaar of hilarisch, maar altijd met een link naar Warten en/of water. Tot slot zullen er op gezette tijden klokken gaan spelen?!!!!

Kortom nu al een programma met voor elk wat wils en wie weet wat er nog meer komt?! De entree op het festivalterrein is gratis. Alleen voor enkele specifieke onderdelen vragen wij een kleine bijdrage (aquabubbles, schippersbal, draaimolen, grabbelton).

Het duurt nog even en er moet nog veel gebeuren, maar wij gaan ervoor! U kunt nu vast een kijkje nemen op onze website: [www.wartensterwetterwille.nl](http://www.wartensterwetterwille.nl);  
En wij zien u graag als gast op Wartenster Wetter Wille.

Catharinus, Piet, Petra, Baukje, Haye, Tryntsje,  
Fokje, Oege, Robin, Arjan en Bea



## De (salaris) administratie uitbesteden? een zorg minder!



### Gespecialiseerd in:

- Loonadministratie
- Financiële administratie
- Inkomstenbelasting
- Omzetbelasting
- Loonheffingen

# Anema

## Salaris & adviesbureau

*Snel, doeltreffend en betrouwbaar!*



**Mr. Gorterstrijte 7C - 9008 TB Reduzum**  
**T. 0566-602101 - F. 0566-602551**  
**[info@anemasalaris.nl](mailto:info@anemasalaris.nl) - [www.anemasalaris.nl](http://www.anemasalaris.nl)**



# VAN DEN BERG

## TIMMER- BOUW- MEUBELMAKERIJ

Thijs van den Berg  
Weaze 40  
8495-HG  
Aldeboarn  
Tel.: 0566-631647  
Mob.: 06-54206888

### Mollenoverlast?

MUD

### Mollenbestrijding!

'Dat skeelt 'n Bult'

Wergea (Frl) | 06-23807486 | mathijsmud@gmail.com

### kapsalon francien

*alle behandelingen op afspraak  
extensions en curcussen in overleg*

leeuwarderweg 3  
tel. 2551186  
wergea

### De Sysmex XE-2100: de bloedmasine

Wy binne wer prachtich op fakânsje west by ús dochter, har man en twilling op Kurasao. De twilling docht it mar bêst, mar wat wolle jo ek mei moai waarm waar, in protte wyn, it strân foar de doar en it wetter 25 graden.

Op it eilân ha ik mei trije seksy jongelju en in profesjonele filmer in bysûndere videoclip makke by myn liet en roman: 'Melodie van een Eiland'. Jimme kinne him sjen en harkje op you tube of op google: gewoon yntoetse: melodie van een eiland en dan fine jim him wol. Hy stiet ek op myn facebook.

We ha ek in cruise makke nei Panama, Columbia en Venezuela. Der sieten in tûzend minsken bynammen út Midden- en Súd Amerika op it skip. Waarmbloedich folk, mar boppe-al freonlik en gesellich. Spontane feestfjerders, geweldige sambadûnsers. En ik koe merke dat sokke dûnsen in protte kondysje freechje!

De wichtichste sport yn dy lannen is fansels fuotbal, se binne der gek mei, wat in emoasje! De supporters steane as hynders heech yn it bloed! Mar dat der no in protte ûnrêst is yn bygelyks Brazilië, demonstraasjes op de televyzje ferwûndert me net, it ferskil tusken in lyts groepke riken en de poer earne massa is grut. Dêr kin straks gjin mins -by wize fan sprekken- nei de wedstriden fan it WK want de prizen binne no al foar in protte lju net te beteljen.

De twadde sport op Kurasao is honkbal, no ja doe `t Nederlân it sa goed die mei de EK en WK kaam dat foaral troch de Kurasaoose spilers yn ús team.

Sels yn de krante fan Kurasao waard der skreaun oer Sc Heerenveen. Veenstra is fuort, koe ek net oars, mar dat betsjut net dat no alles koek en ei is. Der moat ek fjirder skjin skip makke wurde! In nije start, op nei moai fuotbal en de subtop fan de earedivyze. Prachtige wedstriden tsjin Cambuur! Supporters yn beide kampen ha der sin oan. De earste weddenskippen binne der al set. Op nei in moaie sportsimmer.

Wimbledon...ha we noch wol goeie tennissers of wie Richard de lêste?

De Tour de France. Hoe sjogge we nei alle alteraasje no nei de bergetappes? It sil me nij dwaan hoefolle der op Epo en sa pakt wurde. Ik bin tige skrokken fan de berjochten dat er noch in protte troep brûkt wurdt. No, en dan it ferhaal fan de NRC sjoernalisten dat de Rabo in jier as wat lyn in bloedmasine hie: De Sysmex Xe-2100.

Michael Boogerd krige bloed fan syn broer Rini en wûn doe samar de swiere Alpen etappe nei La Plagne. De masine joech oan hoefolle nije bloedlichaamjes en hemoglobine der by yn koe foardat er pakt wurde soe op doping.

Ha, ha, miskien ha jimme ek wol immen yn de famylje wêr `t jim bloed fan krije kinne sadat jimme noch better fuotbalje, kuorbalje, tennisje of klaverjasse.

Dy masine jout wol oan hoefolle der yn kin sadat jimme troch de doarpsgenoaten net oansprutsen wurde op doping.

Der geane geruchten dat Veenstra pas opstapt is nei `t er oan de masine lein hat en bloed krigen hat fan Riemer. Net tefolle, de man moat ek fjirder mei syn libben, mar dat hâldt sa `n apparaat wol yn `e gaten.

Achte lêzers, ik winskje jimme allegearre in noflik waarme simmer mei in protte wille en sûnens!

Jappie Kooistra

### Natoernijs

Sijke en Hendkje hiene beide in broed, in pear ekers fan elkoar ôf. En om `t se om de beurt mei harren manlju de aaien útbriede moasten, hiene se somtiden wol efkes tiid te praten. En dan kaam it ferhaal al gau op eartiids.

Sijke sei: Hendrikje myn foarâlden holden fan âlds op it Wyldlân ta, dat wie in prachtige krite foar ús soarte folk. Ik ha myn beppe der faak oer praten heard. Se sieten der mei grutte famyljes by elkoar. Dat wie lân dêr waard buorke en weide troch de Wartena jonges fan `e Burd. Dêr siet iten by de rûs yn `e grûn mar dat is net mear it gefal. It is no te earm en te rûch. It Fryske Gea hat it net goed yn behear foar ús.

Eartiids sei ús beppe dat der in protte aaisikers dizze kant op kamen foaral fan de Wergeaster kant. "Mar Sijke" sei Hendrikje, fûnen dyn âlders dat net aaklich" Nee seine se, mei in pear wike binne se wer fuort en dan hiene se dy hiele grutte krite foar harren sels".

Beppe hie in suster, dêrfan koene se de aaien nea fine die ferrifele dy mannen altyd. Mar Hendrikje moast begripe, flak by ús mem siet Pietsje snip op fjouwer aaien en in stikje lân fjirder Ybeltsje hoants. Us mem fûn de hoantsen wat aparte fûgels se seine nea wat.

It tilde op fan de skriezen en tjrken. Beppe koe der altyd smaaklik oer fertelle as der in rôffûgel oer kaam dan hong de hiele loft fol fûgels. Hy krige gjin kâns om oan de grûn te kommen. Beppe sei der wie ien rover der hiene se in hekel oan dat wie in murd as dy in pear jongen hie pakte hy gauris in aai of in pyk.

Der is in protte feroare Sijke sei Hendrikje en no sitte wy hjir yn it Ald-Skroet mar hjir rêde wy it ek wol wer. No je, wy moatte de mannen mar efkes ôflosse, goeie.

# MARINUS L

AUTORIJSCHOOL MARINUS TERPSTRA

058 - 255 33 10  
06 - 55 367 025

De Golle 8, 9005 RT WERGEEA

[www.marinusterpstra.nl](http://www.marinusterpstra.nl)

## Gastvrij de beste !

### Gasterij "de Waldwei"

Voor al uw

- Diners en Buffetten
- Brulloften
- Partijen en
- Vergaderingen

Fam. E. Smits

Himpensermar 1, 9005 XL  
Wergea/Leeuwarden

Tel.: 058-2553030  
Fax : 058-2553020

### Technisch Totaal.



Beheer

Service

Installaties

Bezoek de website voor meer informatie en interessante, wisselende aanbiedingen

### Pier Duizendstra

Aldhiem 3. 9003 MD Warten

Tel/fax..058.2553077 Mobiel.06.51813478

<http://www.technishtotaal.nl>

Als het om **TECHNIEK** gaat en meer dan dat.

Verwarming installaties  
Sanitair

Elektrische installaties  
Keukens

Incl.bouwkundige aanpassingen  
en tegelwerk.

Voor complete renovatie van uw badkamer toilet en keuken

## Hypotheek, verzekeringen, lijfrente, uitvaart en Gouden handdruk

Keuze uit ruim 25 aanbieders en daarmee het beste advies!



Goed en prettig geregeld!


**Sjoukje Feddes**

**Hypotheekadvies aan Huis**

De Parse 3 Akkrum, tel. 0566 - 65 19 00, mob. 06 - 461 24 114, [www.hypotheekadviesaanhuis.nl](http://www.hypotheekadviesaanhuis.nl)



Op 16 maaie binne wy mei in man as 5 nei Murk Nijdam west. Dizze man buorket ûnder Wommels op in frij âlderwetske manier. De kij steane noch op in âlderwetske stal en der wurdt noch mei de kroade mjukse.




Op dizze wize krije jo in protte rûge stront, dat is foar it beien libben poer geskikt. Mei in boatsje gongen wy nei in oanlein gebiet wêr't in protte wetter op stie, it tilde op fan de fûgels. De kluten en wytstirnsen sieten tsien meter fan ús ôf. Op 40 hektare hat Nijdam 100 span skriezen mar ek ljip en tjirk dogge it goed. Nei in pear prachtige oeren binne wy yn de auto stapt en nei hús riden. Under it genot fan in gleske hawwe wy de middei noch even oereide en kamen ta de konklúzje dat dit de peareltsjes binne dy 't hoede en noede wurde moatte.

Der komme stadichoan mear fan dizze gebieden en dat is in goed ding. Ek yn ús eigen fûgelwacht krite hawwe wy in pear sompige plakjes en it docht echt fertuten. De greidefûgels hawwe oer it algemien in goed briedseizoen, wy hiene by ús in protte skriezen flean fluch ek de strânljip gie goed.


By bourman Jaap siet in feallemiggesnapper (grauwevliegenvanger) yn it hok te brieden en dêr hat hy wat aardige fotos fan makke.

Dit fûgeltsje kin net sjonge mar hat in hiele moaie manier om iten te fangen, hy sit op in pealtsje of stekje en sjocht er dan in migje dy pakt er en giet werom nei syn opserfaasje post.



Dit wie't foar dizze kear.

S. en S. de Groot  
tel: 058-2551761



It skoallekeatsen fan de gemeente Boarnsterhim waard dit jier ferkeatst yn Wergea. In lange dei, mei moarns de partoeren fan de skoallen tsjin innoar, siz mar ôfdieling keatsen en middeis troch innoar lotsjen.

De organisaasje wie yn hannen fan Gerrit Groen, Anno Wytsma en Gerard Sinnema. Mei help fan frywilligers is alles goed slagge!  
En oer it waar sille we it mar net ha (alhoewol it wol droech wie).

De útslach fan it ôfdieling keatsen moarns:

**Famkes:** 4 partoer

1<sup>e</sup> OBS It Tredde Sté (Jirnsum): Dian Dijkstra en Iris Douma

2<sup>e</sup> KNS de Reinbôge (Tersoal): Jildou Ekema, Marieke vd Put en Mirthe Dijkstra

**Jonges:** 4 partoer

**1<sup>e</sup> De Twamêster (Wergea): Pieter Gerbens, Bram Paulusma en Hedser Mud**

2<sup>e</sup> De Twa Fiskien (Grou): Wietse vd Berg, Werner Veenstra en René Bootsma

(De jonges fan de Twamêster gean troch nei it Frysk kampioenskip!)

De útslach fan it troch innoar lotsjes middeis:

**Famkes:** 6 partoer

1<sup>e</sup> Sanne Smit en Nynke Boersma

2<sup>e</sup> Luna Terra en **Geeske vd Meulen**

**Jonges:** 13 partoer

1<sup>e</sup> **Rutmer Zwart en Jeen Schilte**

2<sup>e</sup> **Adne Jan Sinnema** en Jildert Zijlstra

3<sup>e</sup> **Nick Potijk** en Werner de Vries

3<sup>e</sup> Tjardi Hoeksma en Mark van Dijk

*Ferliezersronde:*

1<sup>e</sup> Johannes Gerben Brinksma en **Mechiel Rietveld**

2<sup>e</sup> Rinse Jan de Groot en **Roy vd Zweep**

*Ôfdieling federaasje freed 31 maaie yn Reduzum:*

2<sup>e</sup> Mariska Zuydendorp, Siska vd Sluis en Hester Sinnema – welpen famkes

3<sup>e</sup> Hedser Mud, Folkert Groen en Bram Paulusma –

pup jonges

2<sup>e</sup> ferl.r Nick Potijk, Jan de Boer (en Adne jan Sinnema, foel blesseerd út) – pup jonges

*Federaasje Húzum sneon 1 juny:*

2<sup>e</sup> Jeen Schilte - pup jonges

Rij Belastingrij



**Jelle Talsma**  
a u t o b e d r i j v e n



[www.jelletalsma.nl](http://www.jelletalsma.nl)

Ook voor uw  
Tuinaanleg en  
onderhoud



**A. Wobbes Bloembinderij v.o.f.**



Kleine Buren 9005 NW Wergea  
tel. (058) - 255 17 84

[info@bloembinderijwobbes.nl](mailto:info@bloembinderijwobbes.nl)

Opheffingsuitverkoop!!

**Bloembinderij Wobbes**

Korting 50, 60, 70%

**vrijdag 28 juni laatste dag.**



**Snackwagen Wergeal**

**Onze aanbieding 2013: dinsdag en woensdag  
4x patat met 4x frikandel of 4x kroket voor €7.95!**

Snein 2 juny de **Profab partij mei sponsor Profab montage- en timmer bedriif**, foar de jeugd. Moai op tiid begjinne en dizze kear mei de sinne derby. It wie wol mear as 15 graden! In dei mei spannende keatspartijen en fleurige minsken op it fjild. Logisch, as de sinne skynt.

Hjir de útslach:

**Kabouters:** 5 partoer

1<sup>e</sup> Lotte Donderwinkele en Jasper Nijenhuis

2<sup>e</sup> Tjil van Summeren en Twan Ypma

**Welpen B:** 8 partoer

1<sup>e</sup> Welmoed de Jong en Splinter Wobbes

2<sup>e</sup> Thirza Hotsma en Eke van Summeren

Ferliesersronde:

1<sup>e</sup> Markus Zuydendorp en Jilke Schilte

2<sup>e</sup> Frank vd Meulen en Niels de Wit

**Welpen A:** 6 partoer

1<sup>e</sup> Jurre vd Meulen en Dora Donderwinkel

2<sup>e</sup> Mariska Zuydendorp en Siska vd Sluis

3<sup>e</sup> Roy vd Zweep en Brent Koster

**Pupillen B:** 7 partoer

1<sup>e</sup> Johannes vd Berg en Femke Roersma

2<sup>e</sup> Geeske vd Meulen en Femke Mud

Ferliesersronde:

1<sup>e</sup> Lammert Kalsbeek en Iris Kuipers

**Pupillen A:** 4 partoer

1<sup>e</sup> Jeen Schilte en Rik vd Veen

2<sup>e</sup> Nick Potijk en Jan de Boer

**Skoaljeugd:** 4 partoer

1<sup>e</sup> Jinka Krist en Harmina de Jong

2<sup>e</sup> Kim vd Veen en Fenna Hotsma

**Snein 9 juny** de bekerpartij foar senioaren mei **sponsor bakkerij Teye en Rika de Boer**. Spitich dat der net safolle senioaren keatse. We hiene by de manlju trije partoer en by de froulju 6 froulju, alles trochinnoar hussele en in individueel klassemint. Oer de hiele dei besjoen in gesellige keatserij, en it lekkere gebak fan Teye wie foar de priiswinners: Froulju: 1<sup>e</sup> Aukje Sinnema (keninginne) en 2<sup>e</sup> Sjoukje Kalsbeek en Ciska Braams  
Manlju: 1<sup>e</sup> André Terpstra (kening), Reinder Veenstra en Frans Slaterus

**Sneon 15 juny** stie de federaasje yn **Wergea** op de agenda. Fansels in dikke bui foardat we los moasten, mar letter dochs de hiele dei redelik waar mei in straf wyntsje.

Der waard moai keatst en de prizen waarden as folgt ferdielt:

**Welpen famkes:** 6 partoer

1<sup>e</sup> Anna Dieuwke Dijkstra (Húzum) en **Dora**

**Donderwinkel (Wergea)**

2<sup>e</sup> Marije Bodde (Jirnsum) en Doete Fopma

(Reduzum)

3<sup>e</sup> Nadja Renske Moufakkir (Reduzum) en Sanne van Vilsteeren (Raerd)

**Welpen jonges:** 6 partoer

1<sup>e</sup> **Hessel Gerbens (Wergea)** en Jelmer Foppe

Drijfhout (Raerd)

2<sup>e</sup> Mark van Dijk (Reduzum) en Ruben Sjerps

(Húzum)

Ferliesersronde:

1<sup>e</sup> **Roy vd Zweep (Wergea)** en Leon Sjoerdsma

(Reduzum)

**Pupillen famkes:** 3 partoer

1<sup>e</sup> **Anna Marijke Stoker (Wurdum) en Femke Mud (Wergea)**

**Pupillen jonges:** 12 partoer

1<sup>e</sup> **Johan Hotsma (Wergea)** en Rinke Ties Hoekstra (Ljouwert)

2<sup>e</sup> Niels van Vilsteren (Raerd) en Wessel vd Woud (Goutum)

3<sup>e</sup> **Jeen Schilte (Wergea)** en Timo van Raalte (Ljouwert)

Ferliesersronde:

1<sup>e</sup> Johannes Gerben Brinksma (Reduzum) en Jorrit Haarsma (Grou)

2<sup>e</sup> **Adne Jan Sinnema (Wergea)** en Sander vd Velde (Raerd)

3<sup>e</sup> **Nick Potijk (Wergea)** en Johannes Stavinga (Raerd)

**Skoalfamkes:** 7 partoer

1<sup>e</sup> **Jinka Krist (Wergea)** en Djura Odinga (Jirnsum)

2<sup>e</sup> Jitsina vd Boogert (Reduzum) en Ingrid de Vries (Jirnsum)

Ferliesersronde:

1<sup>e</sup> Ymkje Yntema (Grou) en Dieuwke Roelfsema (Jirnsum)

**Skoaljonges:** 6 partoer

1<sup>e</sup> Hessel de Ree (Reduzum) en Stan Sjerps (Húzum)

2<sup>e</sup> Minze Klompmaker (Reduzum) en Folkert Kiestra (Raerd)

3<sup>e</sup> Jesse de Jong (Grou) en **Pieter Gerbens (Wergea)**

*Sneon 22 juny federaasje Akkrum: Folkert Groen 1<sup>e</sup> priis by de pupillen jonges*

**Snein, 23 juny welpen partij yn Wergea.**

It like net bêst op buienradar, mar ik bin der wol achter dat je dêr net te folle nei sjen moatte. Yn it begjin in bui en ien kear tuskentroch in fikse bui. De dei is fierder tige bêst ferrûn en as je der op klaaid binne is der neat te rêden.....

Der waard wer leuk keatst troch de welpkes, spitichernoch gjin Wergeaster welpen dit jier. Mei dank oan alle minsken die't ús holpen ha koene de prizen moai op tiid útdielt wurde troch foarsitter Frans. Binne jo nyskjirrich nei de útslach? Sjoch dan efkes op ús site: [www.kvhetoosten.nl](http://www.kvhetoosten.nl).

**Snein 30 juny Astrid's beker partij:**

De partij om kening as keninginne te wurden. Dus sneontejûn betiid (?) op bêd en sneintemoarns der fris foar. We hiene der súver in bytsje moai waar by en in protte bern hiene harren opjou. De útslach:

**Kabouters:** 5 partoer

1<sup>e</sup> Lotte Donderwinkel (keninginne) en Sigrid de Groot

2<sup>e</sup> Tjil van Summeren en Wytze Sinnema

**Welpen B:** 10 partoer

1<sup>e</sup> Markus Zuydendorp (kening) en Splinter Wobbes

2<sup>e</sup> Floris Sinnema en Lisa Kok

3<sup>e</sup> Janny de Haan en Frank vd Meulen

Ferliesersronde:

1<sup>e</sup> Tycho Petersohn en Jilke Schilte

2<sup>e</sup> Thirza Hotsma en Mees Bossema



# Boomverzorging Tuinonderhoud

Leechlan 40, 9003 XX Warten, mob. 06-253 92174

## Hoekstra heeft alles in Huis!

### Het grootste aanbod van Friesland in:

- Nieuwbouwprojecten
- Bestaande bouw
- Commercieel onroerend goed

### Wij verzorgen voor u:

- Taxaties, zowel particulier als commercieel onroerend goed
- Verhuur en beheer van woonhuizen en commercieel onroerend goed
- Vereniging van Eigenaren Management • Zorgvastgoed



Leeuwarden



Heerenveen



Sneek



Drachten



Joure



[www.makelaardijhoekstra.nl](http://www.makelaardijhoekstra.nl)

**Welpen A:** 6 partoer1<sup>e</sup> Hessel Gerbens (kening) en Siska vd Sluis2<sup>e</sup> Roy vd Zweep en Wieger Krist3<sup>e</sup> Jurre vd Meulen en Jorne Nijenhuis**Pupillen B:** 6 partoer1<sup>e</sup> Gerard Sinnema (kening) en Femke Mud2<sup>e</sup> Anniëk Terpstra, Aline Wassenaar en Dies Kamp**Ferliesersronde:**1<sup>e</sup> Geeske vd Meulen en Femke Roersma**Pupillen A:** 4 partoer1<sup>e</sup> Johan Hotsma (kening) en Jan de Boer2<sup>e</sup> Folkert Groen en Rik vd Veen**Skoaljeugd:** 3 partoer1<sup>e</sup> Christiaan Zuydendorp (kening), Jinka Krist

(keninginne) en Sjoukje Sinnema

Dit wie de lêste partij foar de simmerfakânsje. Moandei 1 juli hiene we noch it 'ouder/kind' keatsen. Leuk om te sjen dat der safolle âlders/nichtsjes/neefkes wiene om mei harren bern te keatsen. Oh ja, it wie ek noch moai waar!

Fansels stiet de merke partij (Manlju 1<sup>e</sup> klas KNKB) noch op it program op **snein 4 augustus mei sponsors Vakgarage vd Zweep en Jelle Talsma autobedrijven en sponsor ferlotting K. Zwart fan Wergea.**

We hoopje fansels dat der in protte minsken ús die dei wer helpe wolle!

Dan nei de fakânsje de agenda:

\**Tiisdei 13 augustus start potsjekeatsen* (dit is dus noch yn de lêste wike fan de fakânsje!)

\**Moandei 19 augustus: start training jeugd*

\**Freed 23 augustus: jeugdledenpartij, de Abe*

**Kooistra timmerpartij**

\**Sneon 24 augustus: zachte bal kaatspartij op it lân tsjin oer de jeugdsoos SZDRNZLL*

\**Moandei 26 augustus: lêste trening jeugd*

\**Tiisdei 27 augustus: lêste kear potsje keatsen + priisútrikking – Sponsor Slagerij Kramer Wergea*

\**Sneon 31 augustus: Doarpspartij (leden en net leden) jeugd – Loek's schilder partij*

\**Snein 1 septembar: Doarpspartij senioaren (leden en net leden) – sponsors Jan en Wietse Veenstra, rijdende winkels en Café Restaurant Trije Hûs*  
**Prizen ferlotting: Postma tweewielers**

Fansels winskje wy eltsenien in goeie fakânsje mei prachtich moai waar!

Bestjoer kv 't Oosten – Wergea



It sit der wer op! Seizoen 2012/2013 is súksesfol ôfsluten mei in gesellich slutingswykein. It wykein dêrnei binne wy op soosreis west net Skylge.

Op dit momint fan skriuwen moatte wy der noch hinne, dus kin ik der spitigernôch noch neat oer sizze (en oars soe my dat ek fêst kwea-ôf nommen wurde).


Op dit stuit binne wy drok oan it ferbouwen. Dus as jo ienris in middei oer hawwe, belje even mei Berber Mollinga om te freegjen as der ek noch wat wurk te dwaan is of kom gewoan gesellich even del! Gjin probleem.

Fierder stiet der, yn gearwurking mei KV Het Oosten, noch in szdrnzll partij op it programma. Dit sil barre op sneon 24 augustus yn it lân by de soos. Mear ynformaasje folget.

By in seizoensofsluting heare ek bestjoerswikselingen  
Spitigernôch moat ik berjochtsje dat fanôf no Wietske Velde en ûnderskreaune stopje. Mei respektivelik 6 en 5 tsjinstjierren dochs in aardige prestaasje (al sis ik it sels). Yn myn allerlêste soosstikje foar de Havensbank rest my dan ek te sizzen Wietske betanke!

Lekkâh!

Jildou Kamsma út namme fan,  
It bestjoer



**Voor al uw grondverzet- en onderhoudsklassen**

**Walbeschoeiing**

**Sierbestrating**

**Riolering**

**Levering bestratingsprodukten**

**Installatiewerk**

**Tegelwerk**

**Onderhoudswerk**

**SP**

**Grondverzet- & Onderhoudsbedrijf**

Leeuwarderweg 7 ■ 9005 NB Wergea ■ Tel: 06-18942263 ■ [sp@sphotsma.nl](mailto:sp@sphotsma.nl) ■ [www.sphotsma.nl](http://www.sphotsma.nl)

**Yn Lykwicht**



Dirkje Swierstra - de Jong  
H.J. Kooistrawei 33  
9005 RE Wergea  
Tel. 058-2552300

*Massage therapie praktijk  
Sportmassage NGS  
Ismakogie docente*



**TREBLA**  
ADMINISTRATEKANTOOR

Trefpunt voor...

Harderherne 12 | Wergea | 058-2553198

**boekhouding en loonadministratie;  
voor: MKB - ZZP-er en particulier;  
voor al uw belastingaangiften  
e-mail: [treblalbert@hetnet.nl](mailto:treblalbert@hetnet.nl) [www.trebla.nl](http://www.trebla.nl)**

A. Dijkstra 9005 MB WERGEA Tel 06-53573315  
Fax 058 - 2553189 eFax: 084 747 6747 BTW nr: NL017990130B01;  
Beconnummer: 441.673 K.v.K. Leeuwarden nr. 01093065;  
Frieslandbank 29.36.20.202

*kaashandel*  
**VAN DER WAL**  
**G A R I J P**

Eendrachtsweg 5, 9263 PH Garyp  
Tel: 0511-521880

Wij staan vrijdag 's morgens van 8:30 u. tot 12:00 u. op het plein, hoek Kerkbuurt – Fricoweg.

Alles 1<sup>e</sup> soort vers van het mes

De fijnste kaas uit  -tje Fryslân.

## MERKE 2013

Merkehomies, fawakka?!

Met ons is alles chill, (geen thuisbrenger of 5<sup>e</sup> wiel aan de wagen) maar gewoon relaxed weet je...

Het listrinnen was dope, Bauke's luchtballontrip met de bro's Montgolfier was hot, de tijd in het merkehok zal de bom zijn. Als er een week of vier verstreken zijn, is laatstgenoemde tijdbom uitgetikt en barst deze. Deze vijf dagen durende big bang zal een enorm feest teweeg brengen, dit betekent voor ons Wergeasters een terravette merke ouwe!

Bordenwassers en onderduikers, de kommisje duldt ze niet! Voor een optimale voorbereiding van de merke dient ieder kommisjelid zijn quartz-klokje te synchroniseren met de merkekommissieklok, boven de schoorsteenmantel in het hok. Valt echter de tijdsmatch tussen werk en kommisje niet meer te maken, dan moet er gekozen worden voor het ruime sop: de ballen!

Maye Henk de Wolff - deze na zeven jaren door al het vocht kromgetrokken reus - was van mening dat het grote lichaam nog dieper kon zinken. Ons leek dit vrijwel onmogelijk, maar MH zou het bewijzen. Na het behalen van zijn duikbrevet heeft deze kolos dan ook per direct zijn bierflessen omgeruild voor groene flessen zuurstof. Koraalknuffelaar Henk wordt bedankt voor zeven waardige jaren merkekommissje waarvan twee als voor-/nazitter!

Rindert Sinnema.. drie jaar kommisjeschap achter de naam van deze (S)loopert. De theedrinkende daap met twee linkerhanden heeft zijn vaatdoek verkozen boven de frituurpan in het merkehok. Als hij de cocks muts weer eens over de haarhelm heen getrokken had, wist hij de rammelende kommisjemagen menigmaal goed te vullen. Deze wannabe mooboy kon zijn veelvuldige afwezigheid niet meer in overeenstemming brengen met zijn geweten. Zodoende heeft Rindert deze afwezigheid omgezet in een definitieve afwezigheid betreffende de merkekommissje. Rindert bedankt!

Na vandaag komt morgen, na de gulden komt de euro, na Trix komt Willie, na zuipen komt kruipen en na Tobias komt Benjamin.

Ma, de Sinne bliuwt skinen yn de kommisje. Om een beetje lengte te behouden is er weer een breed uitgemeten gigant gekozen. Wij hopen dat de Grote Vriendelijke Ruurd (GVR) ons team lang blijft versterken. Ruurd Sinnema, welkom in de merkekommissje!

He, wie is Hei da!?

Dames en heren, deze knaap heet Rick. Boerenzoon Rick is droog, kurkdroog. Zijn humor wel te verstaan. De kurk die deze droge humor afsluit zal tijdens de merkedagen echter als dobber fungeren in Freddy's hopvijver. Wij heten Rick Heida van harte welkom bij de merkekommissje!

Ook voor de kommisje geldt, drie maal is scheepsrecht. Na Wytse en Wietse heten we nu ook Wietze welkom in de kommisje. Gewoon, om het eenvoudig te houden...

Het werd tijd om een jongen die affiniteit met slijpen en lassen heeft te zoeken. Zodoende kwam deze man van staal, met ijzeren wil en een topping van corrosie in beeld. Wietze de Vries welkom bij de ploeg, we hopen dat jij de toevoeging bent in ons warme smeltbad!

**Zie hier, merke 2013!** Kommisjestyle, whop, whop, whop, whop, whop!

Met een volle zak attractiemuntjes zal de kommisje donderdagmiddag bij Bauke vandaan hard, harder, het hardst op transport gaan in onze grote, grotere, de grootste merkemobiel!

De route du Wergea wordt volgens uiterst strak schema volbracht, mits de jongste merketelg onze zelfgebouwde monstermachine in bedwang weet te houden. Grrrrrr!

